

# DOARPSNIJS

Nûmer 505 april 2026

# KOLOFON

**“Doarpsnijs”** is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.
**It earste krantsje** kaam út yn april 1982.

**De redaksje:**

| | | |
|---|---|---|
| Wiepkje Holtrop | Lyklamawei 49 | 571310 |
| Hedwig Beukens | Hege Bouwen 2a | 572278 |
| Annie de Kleine | Lyklamawei 34 | 571364 |
| Jantsje Akkerman | Lyklamawei 27 | 571889 |
| Coby Hospes | Hurddraversdyk 95 | De Jouwer |
| | korrespondint om útens | 06 41696781 |
| Rianne Witteveen | Wytlansdykje 10 | yllustrator |
| Sjoukje Kramer | Wissebuurt 12 | yn elkoarsetter |

**E-mailadres:** redaksje.doarpsnijs@gmail.com
**Website:** www.nijemardum.nl




**It bestjoer fan Doarpsbelang:**

| | | |
|---|---|---|
| Paul Rienstra (voorz) | Lyklamawei 39 | 571652 |
| Jellie Zijlstra (secr) | Lyklamawei 4 | 0654612587 |
| Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com | | |
| Tom Wezepoel | Lyklamawei 55 | 0620275676 |
| (penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159) | | |
| Jelle Siemonsma | Nij-Amerika 16 | |
| Mieke Koot | Lyklamawei 36 | 0654238830 |
| Joop de Vries | Lyklamawei 15 | 0645747202 |
| Henk Bokma | Omrin 11 | 0610054393 |

**E-mailadres buertplysje:** patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl
**Wykbehearder gemeente:** r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

## STOARN

Op 22 april is Anna Schotanus-de Vries stoarn. Sy wenne yn Balk en is 90 jier wurden.

## BERNE



Op 11 april is berne Lieke Mare, dochter fan Albert en Franciska de Graaf.

## COLLECTE AMNESTY

De collecte voor Amnesty International heeft het bedrag van € 424,55 opgebracht.
Alle gevers en collectanten hartelijk dank namens Amnesty.

*Emile de Kleine*

# NIJE BEWENNERS OP NIJ AMERIKA 20

Sûnt jannewaris ôf wenje wy - Tjeerd en Wiepkje - yn it lytse wite húske oan it rúterpaed. Wy binne de ofrûne moannen al mei aardich wat buorlju yn ‘e kunde kommen en binne freonlik ûnthelle. De kuiertochten troch it Lycklamabosk en de Bremer Wyldernis binne prachtich en it nije húske is lyts mar smûk. Dat, wy fiele ús hjir fanôf dei ien al thús. En no’t de maitiid begjint is d’r fansels noch folle mear te genietsjen! Kommende simmer wolle wy fierder gean mei it opknappen en ferduorsemjen fan de wente.

At jimme noch wat mear oer ús witte wolle: Tjeerd is de
handiche klusser fan ús beiden en Wiepkje mei graach yn de tún om dolle. Tjeerd wurket by in ikkerbouer yn de Noardeast polder en is yn syn frije tiid faaks by syn broers op ‘e pleats by Easthim te finen om bygelyks hout te kloven. Wiepkje komt fan in pleatske tusken Aldegea en Sânfurd en der is se moandeis en freeds noch altiid om de gasten fan ‘Ûnder de Wol’ wolkom te hjitten. Wiepkje wurket derneist oan de kommunikaasje foar Landschapsbeheer Friesland yn Beetstersweach: se hâld fan bisten en natuer. Op sneins geane wy graach in ein te rinnen mei de hûn of út te farren mei ús boatsje. En winterdeis fine we skië yn Eastenryk moai wurk. At jimme no noch nijsgjirrich binne, stek dan mar ris oan op Nij Amerika 20!



# HERDENKING 4 MEI

| | |
|---|---|
| Tot 19.45 uur | Verzamelen op het plein voor de toren. |
| 19.52 uur | Welkom en vertrek richting oorlogsgraven. |
| 19.54 uur | Gedicht/voordracht. |
| 19.56 uur | Klok luiden. |
| 19.58 uur | Tap toe |
| 20.00 uur | 2 minuten stilte. |
| 20.02 uur | Zingen 2 coupletten Wilhelmus.<br>- Kranslegging.<br>- Voordracht door Amarins van der Goot, Margriet Altena, Lise Eppinga, Maurits Gijzen, Floor Kuné en Jildou Jagersma. (Groep 7/8 basisschool)<br>- Dankwoord.<br>- Gelegenheid tot leggen van bloemen.<br>- In stilte verlaten van het kerkhof. |

*Dorpsbelang*





## SINGEL




In het vorige nummer van deze dorpskrant stond een artikel vermeld over het fietspad in de Singel dat beschadigd raakt door ruiters die daar met hun paard op gaan lopen.
In de eerste plaats, jullie hadden dat waarschijnlijk al door, er komen geen camera's.
Daarnaast stond onder het artikel dat dit door dorpsbelang zou zijn geplaatst. Dit is niet het geval. Dit is een misverstand geweest, maar dorpsbelang wil er nog wel even iets over kwijt.
De klachten/opmerkingen die genoemd werden zijn namelijk wel min of meer serieus. Het is jarenlang goed gegaan door de bordjes in de singel en we vermoeden dan ook dat het mis gaat omdat één van de bordjes van de boom is geraakt.
Inmiddels heeft Roelie Veen ervoor gezorgd dat aan beide kanten van de singel de bordjes weer hangen (waarvoor dank) en we gaan er dan ook vanuit dat het probleem hiermee is opgelost.

*Dorpsbelang*

## SNACKAVOND

Op de laatste vrijdag van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

*Vrijdag 29 mei*
*Vrijdag 26 juni*



# FERKIEZING GEMEENTERIE



Op 18 maart mocht ik sitting ha op it stimburo yn Nijemardum.
“Hoe komst dêr no sa by?” sei Jan. No de lêste kear siet der ien dy’t ik hielendal net koe, “Ferdikke” tocht ik, dêr hearre toch ynwenners fan Nijemardum te sitten.
Dat ik ha in mailtsje nei de gemeente stjoerd, en ja hear, ik kaam troch de keuring.
Moast wol efkes blokke hear! In stik as wat E learnings moast ik earst meitsje. Mar dat hindert
niks, dêr lear je ek wer fan alles fan.
Om 9 oere moast ik my melde; ik wist net echt wat ik ferwachtsje koe, dus de LC mar mei.
No dêr ha ik net folle yn lêze kind, want wat in drokte en gesellichheid.
Om it oere moasten wy wikselje fan stoel. Ast op de earste stoel siest wiest foarsitter en moast de stimpas en persoansgegevens kontrolearje.
In stoel fierder moast it stimbiljet oerha
ndigje en op de tredde stoel moast turvje dat it biljet yn de bus kaam.
Guon fregen  my as ik op de tredde stoel siet: “Wiep, wat is dyn taak no?”
Dan sei ik “as jimme drekt klear binne, dan jouwe jimme it biljet oan my en dan kontrolearje ik efkes as jimme wol op de goede party stimd ha..”
Myn earste blokje fan 9-12 oere fleach om, want men treft sa in hiel soad minsken.
“Hoe ist mei de frou? … man? of… hûn?”
Om twa oere moast ik der wer wêze; doe kaam der in frou binnen, dy’t wy net koenen. Sy sei : “ik moat ek efkes foar myn man stimme”.
“Oké en wer wennet dyn man?” Se lake en fertelde dat se op Nij Amearika yn it wite simmerhúske wenne.. och en dêr koe ús histoarikus Piet wer fanalles oer fertelle.
Sa gyng it wol faker as wy ien net koenen. Dy wie noch mar krekt de doar út, dan seinen wy tsjin elkoar “Wa wie dat?”

Dan ist maklik datst efkes op de stimpas sjen kinst.
Sa kaam der ek in jongkeardel dy ‘t ek graach foar syn broerke stimme woe, mar de machtiging wie net goed ynfolle.
Hy wie sa fanatyk, dat in kertier letter wie hy der alwer.. mei syn broerke. “Op wa moat ik no stimme? “sei dy jonge.
“No, alles is goed ast mar net op dy en dy stimst.”
Wy koenen net hearre welke hy bedoelde, mar hy sil it fêst goed dien ha.
Wat ús opfoel wie dat der ek in soad Riisters oankamen, wêrom? Guon seinen “it leit moai op de rûte”, en der wienen ek dy’t de bern ophellen fan de berne-opfang.
Al mei al wie it in moaie dei en samar 21.00 oere.
Oare jier meie wy wer stimme, hooplik mei ik der dan wer by wêze en komme jimme allegear ek wer .
Hjirby de folsleine útslach fan dizze ferkiezings.

*Wiepkje*

**Uitslag gemeenteraads verkiezing Nijemirdum.**

| | 2026 | | 2022 | |
|---|---|---|---|---|
| Partij | Aant. Stemmen | Perc. | Aant. Stemmen | Perc. |
| CDA | 91 | 25,8% | 77 | 26,4% |
| FNP | 61 | 17,3% | 76 | 26,0% |
| GL/PvdA | 41 | 11,6% | N.v.t. | |
| FVD | 38 | 10,8% | 10 | 3,4% |
| D66 | 31 | 8,8% | 5 | 1,7% |
| VVD | 22 | 6,2% | 15 | 5,1% |
| CU | 21 | 5,9% | 20 | 6,9% |
| Ondern. Friezen | 17 | 4,8% | N.v.t. | |
| BBB | 16 | 4,5% | N.v.t. | |
| KFM | 14 | 4,0% | 49 | 16,8% |
| Burger partij | 1 | 0,3% | 11 | 3,8% |
| Groen Links | N.v.t. | | 16 | 5,5% |
| PvdA | N.v.t. | | 11 | 3,8% |
| NCPN | N.v.t. | | 2 | 0,7% |
| | **353** | | **424** | |

# DORPS-BBQ & EIERGOOIEN – 27 JUNI 🥚 🍔

Op 27 juni organiseert de feestcommissie weer de tweejaarlijkse dorps-BBQ bij het dorpshuis. Een gezellig moment om samen te komen, bij te praten en natuurlijk te genieten van lekker eten van de grill.

Dit jaar maken we er iets extra’s van, want naast de BBQ organiseren we ook een eiergooicompetitie! Doe mee in duo’s en strijd voor de winst. De punten die jullie verdienen, tellen mee als buurtpunten voor het dorpsfeest van 2027.

Daarnaast is er live muziek en hebben we dit jaar de hulp van een echte BBQ-meester ingeschakeld om er een smakelijk feest van te maken (maar zelf grillen mag natuurlijk ook gewoon!).

Meedoen met eiergooien?
Schrijf je in als duo en vermeld beide namen en de buurt waarvoor jullie spelen.

Scan de QR-code op de poster voor meer informatie en om je in te schrijven.

We hopen jullie allemaal te zien op 27 juni!

*De feestcommissie*


EIERGOOI
COMPETITIE!
27 JUNI - AANVANG 15:00 BIJ HET DORPSHUIS
Twee Competities: ONDER DE 12 & 12+
Verdien Buurtpunten!
Maak een team van twee en doe mee!
Hoe meer teams per buurt, hoe meer kans!
SPELUITLEG!
Gooi een ei over en
stap 25 cm achteruit!
Wie het verst komt, wint!
25 cm
TIP: Oefen thuis
met een gekookt ei!

## WA BIN IK?

De tunnelgravende snoekbears is..... Sander Mollema. No tink ik dat Sander mear fan de treintsjes is dan fan de angelsport; dochs is de Latynske namme foar in snoekbears : “Sander Luciopera” en neffens wikipedia kin it bist wol 1meter 20 lang wurde!
De snoekbears libbet yn djip en donker wetter dus tenei mar net fierder dan oan de knibbels ta yn de Iselmar!!!
De mol makket fansels de tunnels en sa binne wy der al wer... Sander Mollema.
Skoansoan Johan wie efkes notaris en helle Harmen Bokma út de hege hoed.
Harmen lokwinske!

**“Och” sei de snoekbears, “ik mei ek graach in tunnel grave.”**

**“Ik bin handiger mei de skoffel as mei de gitaar”**

Wa mei dit dan dôchs wêze?

Belje de oplossing nei nr.571889

Of stjoer in mail nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

*Jantsje*

# BESLOTEN LIBRE BILJARTTOERNOOI VAN NIJEMARDUM

Op 20 en 21 maart werd het toernooi georganiseerd, 24 deelnemers hadden zich hiervoor aangemeld. In 6 poules van vier personen streden de deelnemers om plaatsing voor de volgende ronde.
Met veel enthousiasme, sportiviteit en heel veel gezelligheid werden de wedstrijden gespeeld.
De nummers 1 en 2 van de poules gingen door naar de volgende ronde op zaterdag. In deze ronde waren er 4 poules van 3 personen, ook hier gingen de nummers 1 en 2 door naar de volgende ronde. In deze kwartfinale was het knock-out, de verliezer van de partij lag uit het toernooi.
In de halve finale speelden Rienk Nadema tegen Jan Rienstra, Rienk won deze partij met 94% om 72% aan gemaakte caramboles.
In de tweede halve finale speelden Lourens Wildschut tegen Wiepkje Holtrop, Lourens won deze partij met 100% om 20% aan gemaakte caramboles.
De kleine finale won Jan nipt van Wiepkje 72% om 70% aan gemaakte caramboles.
De grote finale werd gewonnen door een sterk spelende Rienk die in 14 beurten uit was, hierop had Lourens weinig in te brengen, maar toch op een mooie tweede plek geëindigd, 100% om 45%.
Eindstand: 1 Rienk Nadema, 2 Lourens Wildschut, 3 Jan Rienstra, 4 Wiepkje Holtrop.

Hierbij wil ik iedereen bedanken die geholpen hebben tijdens het toernooi.

*Riny Kramer*



# ‘T SKETSHÛS

Op 8 oktober 2025 startte ’t SketsHûs met een geslaagde try-out in het Dorpshuis. Geen tekenles, maar ontspannen tekenen en gezellig kletsen. Het maakt niet uit of je denkt dat je niet kunt tekenen of juist veel ervaring hebt, iedereen doet mee op zijn of haar eigen manier.




Inmiddels zijn er vier avonden geweest, telkens met een nieuwe opwarm-opdracht en inspiratie. De laatste keer werkten we met onder andere narcissen en blauwe druifjes, en allerlei materialen uit het Dorpshuis. Het draait niet om perfectie, maar om vrij werken en plezier. Ik geniet ervan om gezien hoe iedereen op zijn haar manier stappen maakt.
Op 24 maart is voorlopig de laatste bijeenkomst geweest. Vanwege mijn gezondheid (ernstig astma) neem ik even pauze. Binnenkort ga ik voor twee maanden naar het Nederlands Astma Centrum in Davos (Zwitserland) voor longrevalidatie.
Meer informatie:

- NPO Start: Denkend aan Zwitserland (seizoen 1, afl. 4) met Janny van der Heyden en Andre van Duin.
- nederland-davos.nl patiëntenvereniging
- nadavos.nl Nederlands Astma Centrum Davos, Zwitserland

Ik verwacht in de zomer te gaan revalideren. Daarna pak ik ’t SketsHûs graag weer op.

*Groetnis, Rianne Witteveen*

ps
Help je mee? Door een donatie aan de patiëntenvereniging Nederland-Davos? Op de website staat hoe dat kan. https://nederland-davos.nl/donatie/

En heb je een idee hoe ik geld in kan zamelen voor de vereniging door b.v. iets in te zamelen? Dan hoor ik dat graag. Het je een goed idee, dan krijg je van mij een door mij ontworpen ansichtkaarten-set. Stuur een bericht naar rianneprintmaker@gmail.com of een briefje door de brievenbus…Wytlansdykje 10

## HOEKSTIEN

| | |
|---|---|
| 1 maaie | 10.30 oere Fjoerdienst spreker S Hospes |
| 17 maaie | 10.00 oere pastor W Bandstra |
| 20 maaie | 10.00 oere koffiedrinken |



## MILIEU BUS

Van de gemeente ontvingen we bericht dat ook dit jaar de milieu bus weer langskomt in Nijemirdum.
Dit zal zijn op 12 mei, 7 juli, 29 september en 10 november op het pleintje voor de toren.
Tijd: van 09.45 uur tot 10.15 uur.
Noteren in de agenda dus!!!

*Dorpsbelang*

# ROMMELMARKT

Zaterdag 23 mei van 9.00 tot 11.30 uur is er Rommelmarkt in het Dorpshuis van Nijemirdum.
Entree; €1,00

Heeft u "rommel", zet dit dan vrijdagochtend 22 mei bij de straat dan wordt het na 13.00 uur opgehaald.
Spullen die u nu kwijt wilt kunnen alvast bij Yde Groenhof worden gebracht.
Wel graag in overleg. Telnr. Yde 06-54656224

Wij nemen NIET mee:
Kapotte spullen
Witgoed (wasmachines, koelkasten etc.)
Bedden en matrassen
Bankstellen
Wandmeubels en dressoirs
Zware fauteuils.

Graag zorgen dat spullen met een stekker wel werken.

We zien jullie graag 23 mei om 9.00 uur.

De rommelmarkt commissie:

*Wiebren Hoekstra, Jeltsje Hoekstra en Antje Winia*



# BREIDKLUP ‘IN STEKJE LOS‘ SIKET NIJE LEDEN

Wat yn septimber 2010 begûn mei in húskeamer fol mei tikjende en keakeljende froulju is op dit momint in lyts ploechje oan it wurden. Wy binne noch mar mei syn fiven. Wy tikje noch wol ( breidzje of hake) en wy hâlde it ek wol pratende mar der kinne wol wat minsken by.

Wy komme elke moanne op de lêste tiisdei by elkoar, by ien fan de leden. Wy begjinne om 19.30 oere en twa oeren letter stopje wy alles wer yn de tas en slute ôf mei in advokaatsje.

Wy wurkje allegear oan ús eigen projekt.

Sin om in kear del te kommen en te ‘proefbreidzjen’?

Nim dan kontakt op mei ien fan ús.

Coby Bokma, Antje Buma, Itty Rienstra, Femmy Hoekstra en Coby Hospes fine it hartstikke leuk as jo/do der by komst.

*CH*



ACTIEGROEP GAASTERLÂN ORGANISEERT:

# BINGO

## VRIJDAG 1 MEI

## INLOOP 19:30

## START 20:00

## DORPSHUIS NIJEMIRDUM

## ENTREE €15,-

DE EERSTE ACTIE VOOR:

world servants

VRIJWILLIGERSWERK IN AFRIKA

MET GEWELDIGE PRIJZEN GESPONSORD UIT DE BUURT!!!

# PLAYBACKSHOW 2026

## 26 SEPTEMBER



*De playbackshow is terug in Nijemirdum voor jong en oud!*
*Wil jij je ideeën en talent laten zien op het podium?*
*Wacht niet en meld je aan!*

Dit kan via mail: holtrop6@gmail.com - ylsehoekstra33@gmail.com

Of via whatsapp: Iris: 0627570837 - Ylse: 0618750567

De playbackshow begint om 19:30 in Dorpshuis Nijemirdum en de deuren gaan open om 19:00.

Entree voor niet deelnemers boven de 12 jaar is €2,50.

*Hopelijk zien we je daar!*

# Oorlog:
# Niet geschoten…
# Altijd vrede



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

| | |
|---|---|
| Tanja Adriani | What's the Metta mindfulness en coaching |
| Harmen en Lieske Bangma | Camping De Groninger |
| Albert en Jeannet Bekedam | Vakantiewoningen en groepsaccommodatie |
| Bauke en Hedwig Beukens | Garant Zaden |
| Bed & Breakfast Lyklamastate | Kamers en appartementen |
| Kim van den Brom | Total Support For Marine |
| Jan Buma | Buma Handel |
| Ortwin Dellevoet | Lopifit Gaasterland |
| Jelle Eppinga | Boomkwekerij |
| Runia Fourage BV | Veevoeders |
| Ede Groenhof | Transportbedrijf/verhuizingen |
| Halbe en Harm Willem Hielkema | Hielkemabouw |
| Atze Hoekstra | Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport |
| Tryntsje de Jong-Rienstra | Kapsalon Tryntsje |
| Mieke Koot | Generatiethuis |
| Koen Maronier | Yacht Power BV |
| Cees en Johannes v.d. Meer | Van der Meer Mechanisatie |
| Gebroeders Postma | BHP Funderingstechniek |
| Hendrik Postma | Motorenrevisie/reparatie |
| Jan-Dirk van der Tol | Feedtuber B.V. |
| Runia Transport Nijemirdum | Transportbedrijf |
| Ruerd Vellinga | Vellinga werkschoenen en -kleding |
| Annoesjka de Vries | Pedicure |
| De Vries | Slagerij, Oudemirdum |
| Rianne Witteveen | Dsign & printmkr |

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

**DUOFYTS RESERVEARJE:**
Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



**INZAMELINGSPUNTEN:**

| Wat: | Waar: | t.b.v.: |
|---|---|---|
| Plastic doppen van flessen, tubes, potten en bussen | Fam. Strampel, Heaburgen 1 | KNGF blindegeleide-honden. |
| Inkt-cartridges, toners en oude mobieltjes | Fam. Hoekstra, Hoitebuorren 18a | Stichting Kinderhulp Oeganda |
| Metalen/blikjes/doppen/ deksels/spuitbussen . | Fam. Rienstra, Omrin 14 | STOPhersentumoren.nl |
| Inleveren van postzegels/ Ansichtkaarten/, geboortekaartjes en oude munten | fam. J. Veldman, Nij Amerika 8 en fam. Y. Wiersma, Omrin 1 | Kerk in Actie |



# AGINDA

| | |
|---|---|
| 1 maaie | Bingo World Servants, 20.00 oere yn it doarpshûs |
| 4 maaie | Deadebetinking 19.45 oere by de Toer |
| 12 maaie | Miljeubus 9.45 – 10.15 oere by de Toer |
| 23 maaie | Rommelmerk 9.00 – 11.30 oere yn it doarpshûs |
| 27 juny | DorpsBBQ + aktiviteiten 15.00 oere |
| 26 septimber | Playbackshow |
| 31 oktober | Pompoenwedstrijd met pompoen snijden |

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op tongersdei 28 maaie

**KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 18 maaie**
by ien fan de redaksjeleden
in e-mail stjoere kin ek: **redaksje.doarpsnijs@gmail.com**